

University of Groningen

It Fryske folkstoaniel

Pooringa, Ype

IMPORTANT NOTE: You are advised to consult the publisher's version (publisher's PDF) if you wish to cite from it. Please check the document version below.

Document Version

Publisher's PDF, also known as Version of record

Publication date:

1940

[Link to publication in University of Groningen/UMCG research database](#)

Citation for published version (APA):

Pooringa, Y. (1940). *It Fryske folkstoaniel: (1860-1930)*. Koninklijke Van Gorcum.

Copyright

Other than for strictly personal use, it is not permitted to download or to forward/distribute the text or part of it without the consent of the author(s) and/or copyright holder(s), unless the work is under an open content license (like Creative Commons).

The publication may also be distributed here under the terms of Article 25fa of the Dutch Copyright Act, indicated by the "Taverne" license. More information can be found on the University of Groningen website: <https://www.rug.nl/library/open-access/self-archiving-pure/taverne-amendment>.

Take-down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

Downloaded from the University of Groningen/UMCG research database (Pure): <http://www.rug.nl/research/portal>. For technical reasons the number of authors shown on this cover page is limited to 10 maximum.

YNLIEDING.

A. *Stof en eardere stúdzje.*

Yn de Fryske skriftekindige wirken komt de toanielliteratuer ornaris oan 'e krapperein. Net allinnich fen need, nei't it liket, mar ek om't men wifket, oft men safolle net heal of net ienris fearns literair wirk yn it forbân fen de skriftekennisse bringe scil. Kalma nimt yn syn karlêzing út de jierren 1897—1925 al wirk fen toanielskriuwers op, mar út de jierren 1876—1897 net ¹⁾. Syn oersjuch oer it ierste tiidrek neamt it stik net, det navenant it bêste is, *Wikje' Kar* fen S. Koopmans. Fen Piebenga's boek ²⁾ foldocht yen it haedstik oer toaniel minst, de folsleine bilêzenheit, dy't oars út syn wirk bliken docht, mist hjir. In paragraef, dy't gâns skriuwers út 'en rûgen bisprekt, slút mei de bimerking: „Krityske skôging fen al dizze stikken foreasket in aparte stúdzje” (s. 149).

Nammers de breklike bihearsking fen dizze stoffe hoecht yen gjin nij to dwaen by literair-historici, dy't it hiele hear oersjen moatte. Sels alles lêze is hjar ûndwaenlik en monografyske stúdzje, dêr't hja op to seil gean kinne, ûntbrekt for it meastepart. For de skiednis fen de foartiid en fen it bigjin fen it Fryske folkstoaniel is it wirk dien. Sawol oer it dramatyske wirk as oer it toanielspyljen ljochtet ús de stúdzje fen P. Sipma *De oorsprong van het Friesche tooneel* ³⁾. folslein yn, it oersjuch fen de fierdere ûntjowingsgong fen it toaniel hjiry is mar tige bykomstich. Gâns feitemateariael, howol for in oar doel forarbeide, is to finen yn G. A. Wumkes' *Bodders yn de Fryske striid* ⁴⁾, syn *Paden fen Fryslân*, diel II ⁵⁾ dêrfoaroer bifettet in pear artikels apart oer ûnderdielen fen de skiednis fen it folkstoaniel. Opstellen as det fen D. H. Zylstra ⁶⁾, R. W. Canne ⁷⁾, en J. W. Dykstra ⁸⁾

¹⁾ D. Kalma, *De Fryske Skriftekennisse fen 1897—1925*. Diel I, Dokkum 1928. *De Fryske Skriftekennisse fen 1876—1897*. Dokkum 1939.

²⁾ J. Piebenga, *Koarte Skiednis fen de Fryske Skriftekennisse*. Dokkum, 1939.

³⁾ *De Vrije Fries*, XXV, 1917.

⁴⁾ Boalsert, 1926.

⁵⁾ Boalsert, 1934.

⁶⁾ Frysk Toaniel yn *Swanneblommen*, 1921, s. 56.

⁷⁾ In praetsje oer it toaniel yn Fryslân yn *Ljouwster Toanielselskip 1881—1931*. Snits 1931.

⁸⁾ It toaniel fen earder en letter, *Fryslân*, 1936—'38.

hawwe minder in literair-histoarysk karakter. In aktueel doel hiene biskôgingen as fen D. Kalma yn *Frisia* en *De nije mienskip* of fen S. D. de Jong yn *De Holder*. Neamd moat noch wirde Notaris S. v. d. Burg, dy't gâns samle en neisneupt hat, mar sels him biskieden efterút hold. For pseudonimen en datearringen haw ik wol brûkme makke fen neilitten wirk fen sines. Fen artikels yn Nederlânske tiidskriften is det fen C. Godelaine. *Een synthesis van het Friesch tooneel*, yn *Toneelgids* ¹⁾ it nijsgjirrichste, al is it sims slim ûnkritysk en sjucht it de dingen tofolle op in distânsje. Wichtige bisûnderheden oer it toaniel-spyljen jowe binammen *Foar en efter de skermen* fen Y. C. Schuitmaker, det in taheakke bifettet fen C. Wielsma oer „Thalia” to Grou ²⁾ en fierders it krektneamde tinkboek fen it ljouwter Toaniel yn 1931.

Myn wirk wol wêze in bydrage ta de Frysk eskriftekennisse. It hat syn mêd ôffrede alderearst neffens de tiid, 1860—1930. It bigjinjier is nommen, om't yn 1860 earst sprake wêze kin fen folkstoaniel, ik forwiis hjirfor nei it oersjuch yn it lêste diel fen dizze ynlieding. By 1930 bin ik ophâlden, om't om dy snûrje in sterkere reaksje liket to kommen op it earnstige propagearjende en it swiersettige psychologyske toaniel. Dê fortsjintwirdiger fen it lêste, Canne forstjert it oare jiers, it earlike mar hwet tryste stik fen Brouwer en Tuinstra wirdt hast net spile, it moaije earste stik fen S. D. de Jong, det net sà swier op 'e hân is, de earste jierren tige, mar dochs siikje èn publyk èn skriuwers it in tiidlang mear yn it lichte genre. Foroare opfettingen en tastannen dogge in bulte âlder sociael toaniel ek gjin goed, nije stikken op dit gebiet komme net machtich út. Folle toanielstikken fen de lêste tsien jier scoene by ús bistek net for bihanneling yn 'e bineaming komme.

Fierders haw ik noch in bigrinzing makke neffens it karakter fen de stof. Oer de namme folkstoaniel hjirfor kin men stride, mar ik haw der mei bidoeld it boargerlik toaniel lyk as det ± 1860 ûntstien is en tradysje makke hat en alles hwet dêr oant 1930 ta foartsetting fen is. Men hoecht inkeld de motiven fen it measte wirk fen Canne en Schuitmaker mar to sjen en it ljeafhawwerijtoaniel en it publyk dêr't hja for skreauwen, om to witten, det hja dêr op iene of oare manear al ta bihearre, likegoed as in revolutionair stik as det fen S. Valkema of in propagandestik for steatspensioen fen I. Kaastra-Bakker, mar det dêr bûten falt it histoaryske wirk *Tsjerk Ages* fen L. Wagenaar en

¹⁾ Brussel, 1926, S. 225.

²⁾ De Fryske Librije XIII, Boalsert, 1931.

allyksa de histoaryske of romantyske drama's fen D. Kalma. Det sok wirk in oare oarsprong hat en bûten de niisneamde tradysje stiet, is dúdlik sûnder mear. Hja binne in bihanneling nedich apart of yn oar forbân. It jong-fryske proaze-toaniel fen Kalma stiet it effen oars mei, al frege ek det min ofte mear in „gemeinte", mar it is op *Ruth* nei net útjown en ik haw my oan printe stikken hâlden. Ek de opera's, bygelyks dy fen T. G. v. d. Meulen of fen L. Dokkum lit ik bitsjen — ek dit is trouwens for in great part yn hânskrift lizzen bleaun. Allyksa lit ik de oersettingen wêze; bygelyks de oersettingen fen klassiken: fen Shakespeare fen T. Holtrop en D. Kalma — foar 1860 fen R. Posthumus —; fen Sophokles' *Oidipous* fen Jhr. T. A. M. A. Humalda van Eysinga. Sa bisprek ik net de letterlike oersetting fen Molière's *Le Misanthrope*, dy't D. Kalma útjoech as *In Fijân fen Minsken*, mar al Waling Dykstra's omwirkingen neffens tiid en formidden fen komeedzjes fen Molière.